



# **ELINE VERE**

**Nei it boek fan**

**LOUIS COUPERUS**

**Toanielbewurking**

**GER THIJS**

**Fryske oersetting**

**Anneke Burgy**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ELINE VERE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **LOUIS COUPERUS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **SPILERS:**

ELINE

BETSY - Har suster

ELIZE - Har tante

HENK - Har sweager

VINCENT - Har tantesizzer, twadde leafde

OTTO - Har earste leafde/ ek de dichter yn Brussel

LAWRENCE ST. CLARE - Har tredde leafde

JEANNE - Freondinne/oufreuse 1/tsjinstfaam/Belgyske gast

CATEAU - Freondinne/oefreuse2/tsjinstfaam/kostfrou/Belgyske gast

## DIEL 1

### EARSTE BEDRIUW

(*Fabrice*)

#### SÊNE 1

*(Twa lôzjes yn de Keninklike Skouboarg, tsjinoer inoar. It praten op 'e achtergrûn fan de minsken foar it begjin fan de foarstelling. Komme op: Yn de iene lôzje JEANNE en CATEAU, yn de oare ELINE, BETSY EN HENK)*

**CATEAU:** Jeanne!

**JEANNE:** Cateau! Nij pakje? Wer in gat yn 'e hân?

**CATEAU:** Do oars net, sjoch ik.

**JEANNE:** It giet om it binnenste fan in mins.

**CATEAU:** Ja, do hast gelyk.

**JEANNE:** Wat is der jûn?

**CATEAU:** Moira.

**JEANNE:** Sjochris wa't dêr binne. Wat sjogge se der wer skitterjend út. Dêr! De suskes Vere! Eline en har suster Betsy dy't trouw is mei Henk van Raat. Hallo...Dach Eline...(swaaie?)

**CATEAU:** Moai is se toch...Betoverjend, dy Eline.

**JEANNE:** En ek net op har bekje fallen. En in hiel fertsjinstlik chanteuse.

**CATEAU:** Te breed ûntwikkele is ek net goed. Moat se sa stadichoan net trouwe?

**JEANNE:** Betsy soe it wol wolle, tink ik...

**CATEAU:** Oh, dy Betsy...In fekke! Henk van Raat sit ûnder de tomme fan har en as Eline sa no en dan net fan har ôfbyt...

**JEANNE:** Betsy hat har dochs mar moai yn hûs nommen...

**CATEAU:** As't sa ryk bist betsjut dat finansjeel neat- En de Vere's ha wol jild.

**JEANNE:** Jild, jild, jild...De opera is ek al sa djoer. (*De rjochter lôzje*)

**ELINE:** It is jûn fol, we treffe it. Neat sa ferfelend as in lege seal.

**BETSY:** (*wuift*) Sjoch, dêr, de Eekhofjes, Ange en Léonie, mei harren mem. En dêr, de Verstraetens.

**HENK:** Wêrom dy drokte?

**ELINE:** Jûn sjongt dy nije bariton út Brussel, Théo Fabrice.

**BETSY:** Hy skynt hiel goed te wêzen.

**HENK:** Wat bringe se?

**ELINE:** Moira...

**HENK:** Opera! (*Suchtet*) Hooplak net tefolle bedriuwen.

**BETSY:** Eline, doch toch net sa idioat mei dy waaier.

**ELINE:** Hy hoecht my toch net sa te besjen!

**BETSY:** Wa besjocht dy dan?

**ELINE:** Hy dêr...Otto van Erlevoort. (*Eline hâld mei in elegante kromming fan har earm de waaier foar har gesicht. Betsy en Henk groetsje Otto*)

**BETSY:** (*sjocht ien yn de kûlizen*) Oh Godskes, sjoch ris wa't dêr stiet! Net sjen!

**ELINE:** Wa, wêr?

**BETSY:** Dêr...Neefke Vincent! Ik wist net dat hy yn Ljouwert wie!

**ELINE:** (*ropt*) Vincent!

**HENK:** O..., o..., hân op 'e knip... (*se swaaie, wize; kom hjirhinne*)

**CATEAU:** Nei wa wuive se?

**JEANNE:** Vincent Vere, harren tantesizzer! Wêr komt dy no wer wei?  
Se sizze dat hy yn it Frjemden-legioen yn Algiers west hat.

**CATEAU:** Spannend!

**JEANNE:** Hy hat noait in sint op syn melis hân...Och ja, der is altyd wol sa'n swart skiep yn 'e famylje. (*Vincent op, yn de rjochter lôzje*)

**TEGEARRE:** Moaie jonge.

**HENK:** Soa Vincent, komst wer ris út 'e loft fallen?

**ELINE:** No kinne we wer duetten sjonge!

**VINCENT:** Ik hoopje dat ik noch wat by stim bin... Goeie Betsy! Wat leuk om dy wer ris te sjen. Henk. Tige oangenaam. Wat hear ik, Eline, wennest by dyn suster yn?

**ELINE:** Ja, sûnt it ferstjerren fan tante Vere...En do? Komst om moarn al wer fuort te gean, nei Petersburg of Konstantinopel?

**VINCENT:** Ik bin juster krekt oankommen. It lêst wie ik yn Malaga, wurk yn in sliterij foar wyn; earder in assurânsjemaatskippij yn Brussel en dêrfoar kompanjon yn in flierkledefabryk yn Smyrna...

**HENK:** Dy't spätigernôch op 'e flesse gien is?

**VINCENT:** Hoe riedst it sa? (*der werd om lake*)

**HENK:** Tolve ambachten!

**VINCENT:** Laitsje der mar om. Ik ha it needlot tsjin; alles dêr't ik mei anneks bin, skynt ûngelok te bringen. Wa sjongt der jûn?

**ELINE:** Theo Fabrice.

**VINCENT:** Dy bariton? Moaie stim, nei't ik heard ha...

**ELINE:** Ik bin sa benijd!

**VINCENT:** Ljouwert. In bariton is al in feestje op himsels. (*Otto komt op*)

**BETSY:** Goeie, Otto.

**OTTO:** Betsy...Eline...(groetet hoflik en stiltsjes)

**ELINE:** Is der wat?

**OTTO:** Nee? O nim my net kwea ôf, ik tocht dat jo my mei jo waaier betsjutten nei jo ta te kommen?

**ELINE:** Echt net.

**OTTO:** Oh...

**VINCENT:** ferkeard waaiersignaal!

**ELINE:** Mei ik foarstelle: Vincent Vere, ús tantesizzer. Otto van Erlevoort.

**VINCENT:** De âldste Van Erlevoort, net? Ik kin jo broer. Hy jout heech fan jo op. Dy makket nochris in grutte klapper, seit hy. Dy is foar minister as gûverneur-generaal yn 'e widze lein...

**OTTE:** Famylje moat heech fan inoar opjaan.

**ELINE:** No hearst it ris fan in oar, Betsy.

**BETSY:** Sis ik oait minne dingen oer myn suske? (*Vincent nimt Henk apart*)

**VINCENT:** Oh, Van Raat...Wolst my miskien foar in pear dagen hûndert euro liene?

**HENK:** Tocht ik it net...

**VINCENT:** Soest my der in grut plezier mei dwaan.

**HENK:** Kom moarn mar lâns. (*Beltsje foar begjin*)

**VINCENT:** Wol, oant sjen. Adieu Betsy, Eline...au plaisir...Henk...Dus dan oant moarn.

**OTTO:** Ik wol jo graach yn myn lôzje nûgje.

**VINCENT:** Dankewol, doch gjin muoite; ik stean yn de stalles hiel goed. (*Otto en Vincent geane ôf*)

**ELINE:** Hearlik, dat Vincent hjir wer is!

**BETSY:** Ik fyn it in glûpert earste klas, ik ha it net op him stean... Eline, wêrom dochst sa raar tsjin Otto?

**ELINE:** Ik kin net sizze dat dy my no sa bekoare kin.

**BETSY:** In oangename man. By sa'n Vincent fergelike... (*de seal wurdt donker. Elk giet sitten. De stim fan Fabrice. In skitterjende aria. Eline giet oerein, betoverjend. Se stiet as soe sy tasongen wurde*)

**BETSY:** Eline! Wat dochst no? Jou dy del! Elk sjocht nei dy!

**JEANNE:** Wat docht se no?

**CATEAU:** Se is oerein gien!

**JEANNE:** Oandachtluikerij.

**CATEAU:** Mar se hat sukses. Sjoch! (*Fabrice sjocht nei har*)

**ELINE:** Wat in stim...Wat in godlik lûd... (*applaus hâld op. Eline bliuwt stean, betovere*)

## SÊNE 2

(*Eline's keamer, Eline en Vincent*)

**VINCENT:** Dy Betsy, is dat net in kring? In koartkop?

**ELINE:** Dat binne alle Vere's, ik ek; allinnich ús heity ha ik noait dwers sjoen, mar dat wie ek in bysûnder mins. Och, allegearre seure we wolris wat, mar Henk kin goed mei har foar de kreammen lâns.

**VINCENT:** Henk wie ferkikkere op dy...

**ELINE:** Hoe witsto dat?

**VINCENT:** Ik wit alles.

**ELINE:** Fuort yn it begin, even, mar doe seach'er de oare kant op...

Wa wit hoe ûngelokkich hy mei my wurden wie.

**VINCENT:** No hat 'er dy toch yn 'e hûs...Hy kin altyd oanklopje...

**ELINE:** Hallo!

**VINCENT:** Datst it hjir úthâldst yn dit gat...Jim kinne mei in bytsje ta of witte net wat der te keap is yn de wrâld. Fan Ljouwert wurd ik slûch en sliepperich...Wat ha jim no sa bei it ein? Jim rinne wat yn itselde kinkje om, as in hynder yn 'e draaimûne op 'e merk. Altyd mar itselde dwaan en deselde ferdivedaaasje.

**ELINE:** Wat moatte we dan dwaan?

**VINCENT:** Derút, de wrâld yn!

**ELINE:** Do hast oeral oer de wrâld west en wat hat it dy opsmiten?

**VINCENT:** Och, miskien dat ik allinnich wat drokker bin as jim.

**ELINE:** Do likest sa op heity! Dan siet 'er dêr mei sokke weemoedige eagen, syn hân hong krekt sa oer de leuning fan 'e stoel en krimmenearje dat Ljouwert sa ferfeelsum wie...

**VINCENT:** Ik ferfeel dy, parlons autre chose!

**ELINE:** O nee. Ik kin hiel goed begripe watsto bedoelst, ik soe ek wolris wat oars wolle. Ik ha soms sa 'n nocht oan ûnnocht!

**VINCENT:** Wat dan?

**ELINE:** My fersiere litte!

**VINCENT:** Troch my?

**ELINE:** Wêrom net? Mar do soest my gau oan myn lot oerlitte, ik soe foar dy in te djoer lûkse-artikel wêze. Merci dus; ik wachtsje leaver op in rike mylord...

**VINCENT:** Gjin hutsje yn it moanneljocht?

**ELINE:** Jamais! Dan noch leaver sjongeres...en der tuskenút pike mei in sjonger... (*Henk op*)

**HENK:** Suske...Wêr bliuwst? Dyn gasten wachtsje.

**ELINE:** Sis mar dat se fuort gean moatte. Ik fiel my net lekker.

**HENK:** Siik? Op dizze bysûndere dei? Dat kin net, hear. Sis do ris

wat, Vere.

**ELINE:** Sa'n melangoalyske dei moat je net fiere wolle. 22 jier troud en noch altyd net...

**HENK:** Troud?

**VINCENT:** Ferneamd?

**ELINE:** As ik in man wie soe ik wol meitsje dat ik ferneamd wurde.

As ik Eline Vere net wie soe ik sjongeres wurden wêze!

**HENK:** Kom.

**ELINE:** Ik kin my der net ta sette.

**HENK:** Do moatst net fan dy skytmerakels ha, kinst sa gesellich wêze ast fleurich bist.

**ELINE:** Wat ha ik no oan myn libben, foar wa betsjut ik no ek mar in lyts bytsje? It soe my neat skele kinne as ik no binnen it oere stjerre soe; dat doelleaze, nutteleaze bestean sùnder ek mar ien lyts bytsje dêr't ik my oan oerjaan kin.

**HENK:** It is wer safier!

**ELINE:** Ja, dêr bin ik wer... (*Smyt harsels tsjin him oan*)

**HENK:** Wat in geleuter is dat toch! Wêr hellest soks no wer wei? In jong fanke en dan prate fan in doelleas... (*Betsy op*)

**BETSY:** Sjit op, Eline.

**JEANNE:** (*achter har oan*) As Eline net nei ûnderen komt, komme wy boppe! (*Allegearre op, dûnsjend en sjongend, dat wol sizze Betsy, Jeanne, Cateau, Vincent, Otto. Se sjonge Eline ta, oerhandigje kado's*)

**STIMMEN:** Lokwinske! Noch in soad yn sûnens!

**ELINE:** (*betanket*) Wat moai! Wat attint! Dankjewol! Leaf dat jim kommen binne!

**BETSY:** En dan ek noch in folstein ûnferwachte gast... (*se sjogge allegearre nei de doar. Dyn tante út Brussel! Tante Elize op mei in grut kado*)

**TANTE ELIZE:** Wa wol mei even helpe?

**ELINE:** Tante Elize!

**TANTE ELIZE:** Ik seach op 'e kalinder en tocht: Der is wat, mar ik wit net wat?

**ELINE:** Wat alderaardichst fan jimme allegearre om hjirhinne te kommen...

**BETSY:** En dan wolsto mar op bêd lizzen bliuwe.

**TANTE ELIZE:** Kom hjirre, lytse spjocht, dat ik dy ferpletterje kin. (*omearming*) Myn kado... Aardichheidsje. (*it pak wurdt iepene, in slingergrammofoan*)

**ELINE:** In grammofoan! Mar dat is moai! En krekt no! Hoe wisten jo...? No kin ik thús ek nei Fabrice harkje!

**HENK:** Welja, dy Fabrice der ek noch mar by.

**ELINE:** Dank je, dank je, dankjewol...

**TANTE ELIZE:** En hoe liket it? Noch altyd net trouw?

**HENK:** Heal vrijgesel Ljouwert sit achter har oan! Mar mefrou kin net út 'e rie komme...

**TANTE ELIZE:** Kieze? Dat is hiel maklik: Sjoch nei de bankrekken.

Lit útsykje oft der yn de lêste trije generaasjes gekken binne. EN: tink om 'e noazen...

**ELINE:** (*begrypt it net*) Tink om 'e noazen? Dat snap ik net....

**TANTE ELIZE:** De noazen, sjoch nei de noazen! Silst it gau genôch troch ha.

**ELINE:** O tante...It is in wat melangoalyske dei, is't net sa, in jierdei...

**TANTE ELIZA:** Unsin. Alles wat in feestje opleveret...Kom Henk, wolst my in bêste buorrel ynskinke, ik ha in lange reis achter de réch. En wa hat in fjurke? (*Se stekt ien op*)

**CATEAU:** Se rookt.

**JEANNE:** Se róókt!

**BETSY:** Mar tante, jo róke...Dat dogge wy híirre net, hear...Henk...

**HENK:** In fjurke...Ja godskes, yn de rookkeamer. (*Vincent jout Elize fjoer, slagget net*)

**BETSY:** Henk, doch dan op syn minst in finster iepen. Der is noch in geskink kommen, Eline. Wurde sakrekt besoarge. (*oerlanget in pakketsje*)

**TANTE ELIZE:** Hooplík sil it dy fan my net oertreffé. Ik kom net hielendal út Brussel foar de treastpriis.

**ELINE:** Fan wa?

**BETSY:** Gjin ôfstjoerder.

**STIMMEN:** Oeioeioei! Heimsinnich! In geheime oanbidder! (*Eline iepenet it pakje. In prachtige waaier. O...'s en a...'s fan elk*)

**ELINE:** O, wat moai! Hy is skitterjend! Skildere troch Buccchi! Sjoch híirre, syn hântekening-

**TANTE ELIZE:** Myn kado is moaier. (*sjocht de gasten láns*)

**ELINE:** Fan wa kin dat no komme? No, foar 't ljocht dermei? Betsy, leave, moat ik dy híirfoar bedanke?

**BETSY:** Parole d'honneur, ik net, Eline!

**ELINE:** Ja, ik ha ommers ek al in sjaal fan jimme.

**BETSY:** In spjelde yn de foarm fan in spin...

**ELINE:** Bedoel ik... (*lûkt wat rare gesichten*)

**JEANNE:** Dy sjaal wie fan my...

**ELINE:** Jeanne! Fansels! Leave! Hertsfreondinne fan my!

**JEANNE:** Lokwinske! (*tútsje*)

**ELINE:** (*nei Vincent*) Soe der miskien fan...Vincent wêze?

**STIMMEN:** Ja, ja, ja!

**VINCENT:** Ik soe wol graach sa gol wêze wolle, mar...O, Van Raat...Wat dy hûndert gûne oanbelanget... (*nimt Henk mei nei de sydkant*)

**OTTO:** Mei ik 'm ris sjen?

**BETSY:** Hy is manjefyk! (*de waaier giet hoeden fan hân nei hân, en Eline hâld wakker de gesichten yn de gaten, mar se kin by nimmen in ferklearring ôflêze*)

**ELINE:** Kinst no yn de goedichheid net betinke fan wa't ik dit no kriegen ha?

**OTTO:** Nee...Ik wit it wier net!

**BETSY:** Henk, bliuwst der in bytsje by! It is tiid foar muzyk, in liet! Eline moat sjonge! Eline en Vincent! In duet! (*elk entûsjast*)

**TANTE ELIZE:** Ik wit wol wat betters...berntsje stel do dat apparaat ris yn wurking. (*leit in plaat op de grammofoan. De stim fan Fabrice. Stilte. Eline stiet fol beroering te sjen*)

**ELINE:** O tante, hoe wisten jo...

**TANTE ELIZE:** Ik wit alles. (*se harkje nei Fabrice. Eline yn ekstaze. Rint nei foaren, muzyk komt no troch speakers. We hearre krantekoppen*)

### SÊNE 3

(Keninklike skouboarg, Eline en Vincent)

**VINCENT:** (*Lêst út 'e krante foar*) “Niemand zou het na Hamlet en Le Tribut de Zamora nog betwijfelen: de heer Théo Fabrice is een aanwinst voor onze Franse Opera...”

**ELINE:** Hy seach my sa weemoedich aan by dy aria's...

**VINCENT:** Dy sjongers sjogge altyd de seal yn...meitsje de froulju hielendal oerémis...

**ELINE:** Jaloux?

**VINCENT:** Fansels.

**ELINE:** Ik sil dy noch jaloersker meitsje. Witst wat ik ynienen troch hie? Kinst it net riede?

**VINCENT:** Wat bedoelst? (*sy lit de waaier sjen*) Nee.

**ELINE:** Ja!

**VINCENT:** Tinkst dat echt?

**ELINE:** HY wie it! Fansels!

**VINCENT:** Hy wit wannear't dyn jierdei is.

**ELINE:** Dat wie by tafal. (*Hy glimket om dat romantiseарren fan fantasy*)

**VINCENT:** Eline Vere, do bist fereale op in akteur. Wat sil hiel Ljouwert dêr wol net fan fine. Mar leave, in SJONGER, in ARTYST.

**ELINE:** O, mar ik tink dat hy út in goeie famylje komt. Syn âlden wiene der poer op tsjin dat hy himsels yn dat keunstfermidden stoarte soe, mar hy fieldde it as in ropping; hy hat syn oplieding sels bekostige, hy hat syn debút makke, mar no fielt 'er himsels mispleatst tusken de akteurs; hy lûkt him werom yn syn eigen wrâldsje en tinkt oan syn bernejerren, sjocht syn mem foar him dy't him smeket om syn foarnimmen farwol te sizzen...

**VINCENT:** Fantast!

**ELINE:** Ik sil him mei myn komôf wer hielendal omheech helje. Ik sjoch ús tegearre, mei inoar ferbûn, oan it toaniel yn in grutte stêd. We hâlde fan inoar en wy binne ferneamd; wy wurde oerladen mei krânsen, mei blommen...

O Vincent, ik soe it dy ek sa graach ta ha wolle; in grutte leafde...O, ik wol de leafde om my hinne fiele, ik wol de skatten fan myn leafde om my hinne struie...

**VINCENT:** Jûn sille wy dyn held fan tichteby bewûnderje. "De bariton zal ook met een liederenprogramma lauweren plukken" (*de seal wurdt tsjuster. Ynset fan in liet mei pianobegelieding. Sjongen hâld in skoftsje oan, Eline giet wer oerein. Muzyk noch, dan kletterjend applaus. Stjert fuort, Ijocht wer op. Eline en Vincent sitte noch. Eline sjocht skiterich om 'e noas. Beide bewege net. Ouvreuse komt tichteby, hoeden*)

**OUVREUSE:** Mejuffrou, mynhear...Wolle jim miskien...We wolle graach ôfslute. Der is yn de foyer genôch gelegenheid om nei te praten... (*Vincent wiuwt har fuort. Stilte*)

**VINCENT:** Sûnder syn moaie kostûm falt 'er wol wat tsjin...Sûnder syn wiid-fallende toga dy't wat oer syn búkje falt. De prûk dy't op de keale plasse sit. Wy hienen net sa tichteby sitten gean moatten...mar dy stim... Hoewol syn lûd my toch wat gesikter liket foar it opera-repertoire. Fynst net? Dan foar lieten...Hy switte hielendal, sechst dat, en dy broeksbân stie op springen, om't er dy hege toanen net helle. (*Eline smyt de waaier del, giet fuort. Vincent achter har oan*) Eline! (*Jeanne dy't op ôfstân stie ta te sjen pakt 'm op, hat 'm beet, Otto komt op*)

**OTTO:** Jeanne! Wat is der? Wurde Eline net lekker?

**JEANNE:** Dyn helden moatst altyd op ôfstân hâlde... (*oerlanget him de waaier*) Asjeblyft...

**OTTO:** Wat moat ik dêrmei?

**JEANNE:** Dy kaam by dy wei, net?

**OTTO:** O...

**JEANNE:** Ik seach it fuort wol... De jûn fan Eline's jierdei...

**OTTO:** Hast it har net ferteld, wol?

**JEANNE:** Fansels net.

**OTTO:** Wat is der mis mei?

**JEANNE:** In ferstannige jonge as dy jout gjin rottekrûddjoere waaier oan in jong famke, as'er net fereale op har is...

**OTTO:** Gean der no ris fan út dat ik Eline miskien wol ferrekte graach leie mei...

**JEANNE:** Dus it is sa...hâldst fan har?

**OTTO:** Hâlde fan...

**JEANNE:** Trou net mei har... (*Eline is weromkommen. Sjocht dat Otto de waaier beet hat*)

**ELINE:** Skande fan dy prachtige waaier. Mei ik 'm werom? (*Otto jout 'm*)

**OTTO:** Ik skink 'm dy...

**JEANNE:** In twadde kear... (*Eline sjocht fan de ien nei de oar*)

**ELINE:** Do wiest it?

**OTTO:** Ferline simmer, op in tentoanstelling yn de Akademy. Do stiest fol bewûndering by de waaiers fan Bucchi te sjen en seist lûdop, wylst der net ien by dy stie...

**ELINE:** O, wat woe ik sa 'n waaier graach ha. (*sjocht him oan. Tsjuster*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**